

[1346 Op it mêd 2013 3-4]

[1269][Op it mêd] *Peter Trudgill, Sociolinguistic typology. Social determinants of linguistic complexity. Oxford (2011), Oxford University Press.*

Dit boek fan 'e ferneamde dialektolooch Peter Trudgill ûndersiket de relaasje fan lingwistyske kompleksiteit en it type mienskip dêr't it yn foarkomme kin. It Noardfrysk (Mooring) krijt ek in plakje taparte mei it neamen fan syn dûbeld systeem fan beskate lidwurden en syn trije mooglike útgongen fan 'e ynfinityf. Dat is moai. Mar mear yn syn algemienens koe dit boek wolris fan hiel grutte betsjutting wêze foar de Fryske taalkunde, en dan benammen foar it beklamjen fan it belang fan it beoefenjen dêrfan. Trudgill giet fûl yn 'e pleit foar de stúdzje fan krekt de lytse talen, sprutsen troch lytse, oersichtlike en relatyf isolearre mienskippen, omdat dy noch wat sjen litte fan wat minsklike taal yn essinsje is.

“In fact, as I have been suggesting in this book, these “exotic languages” with their mature phenomena are actually, especially from a diachronic perspective, not exotic at all. They are normal. They are precisely what we *should* be bothering about. This is what all human languages must have been like throughout most of the tens of thousands of years of human history on this planet. (...) The consequence of this is clear. If we are keen to learn more about the inherent nature of linguistic systems, we must urgently focus most of our attention on linguistic structures and linguistic changes of the types that occur in the ever-dwindling number of low-contact, dense social network varieties of language in the modern world. If we want to pursue any kind of linguistic typology and - more importantly, if we want to build up an accurate picture of the nature of human languages throughout human history - we had better hurry (...), not only because most of the world's languages are in danger but also because most of those are going to be left behind will increasingly tend to be of a single, historically atypical type” (s. 187-188).

Dit boek wie foar my in “eyeopener”.

(siebren dyk)

[1270][Op it mêd] *Taal en Tongval 63 (2011), nûmer 2.*

Cor van Bree docht ferslach fan in ûndersyk nei de dialektyske spried fan adposisjonele kloften (pp. 197-228). Oer it grutte Nederlânske taalgebiet blike by ien en deselde betsjutting nijsgjirrige ferskillen yn syntaktyske kodearring te bestean. It suden hat dêrby in foarkar foar preposysjes,

faak ek as it om in dúdlike rjochting giet. Yn it noarden, ynklusyf Fryslân, binne sirkumposysjes populêr, lykas *troch ... hinne, by ... lâns, tsjin ... oan*, ensfh. Dêrby hoecht it net needsaaklik om rjochtings te gean.

Jarich Hoekstra docht op 'e siden 281-301 in ferlykjend ûndersyk nei de meartalsfoarming yn it Frysk en it Nederlânsk. Hy docht ek in útstapke nei de foarming fan patronimen yn it Fering-Öömrang. By dat type nammen wurdt de kar fan it suffix dat oan 'e foarnamme fan 'e heit taheakke wurdt, folslein stjoerd troch beskate fonologyske regels. De kar fan 'e meartalsuffixen *-en* en *-s* yn it Nederlânsk en Frysk folget dyselde grûnregels. Hoekstra wiist ek op ferskillen tusken de talen, lykas yn wurden op *-rm*, *-lm* en *-eil*, dy't yn it Frysk in *-s* krije kinne (*earms, helms, neils*). Meartallen op *-s* nei it suffiks *-ing* krije in aparte behanneling. It measte omtinken yn it artikel krije lykwols haadwurden dy't op in schwa einigje. Dy nimme by de erf wurden yn it Frysk altyd *-en*, wylst yn it Nederlânsk in sterke tendins ta *-s* bestiet. Hoekstra wiist in tal besteande ferklearrings foar dat ferskynsel ôf. Neffens him sit it ferskil yn 'e status fan dy einichste schwa. Dy fungearret yn it Frysk noch as in foech suffiks, en dat selektarret dan *-en*. Likegoed synjlearret Hoekstra hjir en dêr in *-s*, grif foarkommend ûnder ynfloed fan it Nederlânsk.

It mei hjir oars ek wol even neamd wurde dat it tydskrift *Taal en Tongval* tsjintwurdich (ek) yn syn hiele hear en fear frij yn te sjen is op it ynternet. De hiele fersoarging is kreas, it kin net oars sein wurde.

(siebren dyk)

[1271][Op it mêd] Arjen Versloot, 'Frisian place-names and place-names in Friesland', *Onoma* 46 (2011), 127-150.

Yn dit breed opsette stik – sjoch ek de titel – behannelet Versloot ûnderskate aspekten fan Fryske plaknammen yn de trije Fryslannen. It giet om taalkunde/etymology, mei fansels gâns omtinken foar taalkontakt en de ynfloed fan de gruttere steatstalen. It geografysk/geologyske aspekt krijt ek omtinken, omdat dat fan ynfloed is op it foarkommen fan beskate nammetypen. As lêste – en dan giet it benammen oer ús Fryslân – is der it polityk-juridyske: it ynfieren fan Fryske plaknammen as de offisjele nammen troch guon gemeenten yn de tachtiger en njoggentiger jierren en de wjerstân en argewaasje dy't dat oprôp, wylst dat mei de Fryske wetternammen lang sa slim net wie. Sa't wy dat fan Versloot wend binne, binne der gâns kaartsjes opnommen. In moaie state-of-the-art.

(willem visser)

[1272][Op it mêd] Thomas Steensen, 'Das Nordfriisk Instituut - wissenschaftliche Arbeit für das Friesische', *Europäisches Journal für Minderheitenfragen* 5 (2012), 196-204.

Yn dit nûmer jout Thomas Steensen, de direkteur fan it *Nordfriisk Instituut*, in oersjuch fan 'e skiednis, de struktuer en de aktiviteiten fan syn

ynstitút, benammen op it mêd fan dokumintaasje, taal, skiednis, regionale stúdzjes, publikaasjes en public relations. Tagelyk jout it artikeltsje in algemiene yndruk fan 'e (frijwat behyplike) situaasje dêr't it Noardfrysk hjoeddedei yn ferkeart, en besprekt yn it koart de histoaryske eftergrûn dêrfan.

(jarich hoekstra)

[1273][Op it mêd] *Norval Smith, 'Nordstrand North Frisian: A puzzling problem in dialect geography'. Yn: Henk van der Liet & Muriel Norde (red.), Language for its own sake. Essays on Language and Literature offered to Harry Perridon. Amsterdam (2012), Amsterdam Contributions to Scandinavian Studies, vol. 8, 395-412.*

Norval Smith jout yn dit feestbondelartikel in moai stikje detectivewurk: Hy ûndersiket in pear aspekten fan it Noardfryske dialekt fan Strand, dat ta it Hallichfrysk rekkene wurdt. It eilân Strand gie yn 1634 ûnder yn 'e saneamde twadde 'Mandrânke'. De minsken dy't it libben derôf rêden, teagen fuort, foar in part nei Wyk op Föhr, dêr't oant yn 'e 19de ieu noch in Hallichfrysk dialekt praat waard. De stikken fan Strand dy't der oerbleaune nei de oerstreaming, Nordstrand, Nordstrandischmoor en Pellworm, waarden op 'e nij befolke fan net-Frysktaligen.

Smith lit earst op grûn fan sifers oer it tal huzen dat fernield waard en it tal lju dat dearekke, sjen dat it noardlike part fan Strand, de Beltringharde, it slimst troffen waard fan 'e floed; it grutste part fan 'e bewenners ferdronk dêr. De âldste tekst yn it Noardfrysk, in oersetting fan Luther syn kategismus fan om 1600 hinne, komt fan Strand. Smith lokalisearret de Strander Kategismus yn 'e Lundenbergharde yn it súdeasten fan Strand en suggerearret as auteur Volquart Ingwersen (± 1515-1612), dy't 54 jier pastoar yn Morsum wie en in learling fan Luther. De âldst bekende skriuwer yn it Noardfrysk wie Anton Heimreich, dy't twa Strander lieten neilitten hat, nei alle gedachten yn it dialekt fan syn berteplak, Trindermarsch yn 'e Edomsharde, dy't sintraal yn it suden lei. Smith lit no sjen dat de Kategismus (Lundenbergharde) diftongearing hat fan Aldfrysk /a:/ en /æ:/, wylst Heimreich (Edomsharde) dat net hat. It dialekt fan Wyk hie ek gjin diftongearing, dat Smith konkludearret hoeden dat dat dialekt wolris tebekgean koe op it dialekt fan oerlibbers út 'e Edomsharde.

(jarich hoekstra)

[1274][Op it mêd] *Katarzyna Buczek, 'Old Frisian and Anglo-Saxon legal texts. A stylistic comparison', Academic Journal of Modern Philology 1 (2012), 7-12.*

Yn dit artikel wurde de útkomsten presintearre fan in beskieden, op in beheind tal teksten basearre ferlykjend ûndersyk nei de styl fan twa iere Aldfryske rjochtsteksten út de Earste Riustringer Kodeks (de 17 Kêsten en de 24 Lânrijochten) en twa Angelsaksyske rjochtsteksten. It komt der op del dat der yn de sinsstruktuer oerienkomsten binne, mar dat it taalgebrûk

fan de Angelsaksyske teksten folle formeler is as dat fan de Aldfryske, dêr't it spesifike boppe it algemiene giet. De Poalske skriuwster glidet wol ris út, bygelyks yn har beskriuwing fan de trije nedden fan it heiteleaze bern. Har Ingelsk is oars ek net al te bêst.

(oebele vries)

[1275][Op it mêd] *Taal en Tongval* 64 (2012), nûmer 1.

Dit nûmer fan *Taal en Tongval* is wijd oan it tema “Werkwoordsvolgorde in de rechterperiferie van de Nederlandse zin”. Likegoed steane der ek twa artikels yn dy't fan streekrjocht belang binne foar it Frysk. Sa skriuwe Arjen Versloot, Hanneke Hengst en Marjan Huisman oer “Werkwoordvolgordes in het Amsterdams van de 17e eeuw” (pp. 41-71). It stik besiket om nei te gean yn hoefier oft de Amsterdamke folkstaal earder noch Fryske skaaimerken hie, der fan útgeande dat Hollân earder Frysktalich wie. Dêrta binne hjir kluchten fan Coster, Tengnagel en Brederode neier ûndersocht op syntaktyske skaaimerken, omdat de wenstige kontaktliteratuer der fan útgiet dat de syntaksis in hiel stabyl ûnderdiel fan ‘e taal is. It mear noardlike Westfries hat bliken dien kreas oan dat plaatsje te foldwaan. Lykwols, it Amsterdams is dwers: it slút him kwa syntaksis (fan it tiidwurd) hielendal oan by dy fan it Nederlânsk, wylst Fryske parallellen no krekt net te finen binne. De auteurs freegje har dêrom ôf hoe hurd oft dat syntaktyske kritearium no winliken is.

Yn dit nûmer ek in – slim technysk – artikel fan Susi Wurmbrand oer “Parasitic participles in Germanic: evidence for the theory of verb clusters” (pp. 129-156). It giet dêrby om tiidwurden yn ‘e foarm fan in mulwurd dêr't jo soks yn earste ynstânsje net ferwachtsje soene. In Frysk foarbyld is *hy soe it dien wollen ha*, njonken de ynfinityffoarm *dwaan*, dy't ek foarkomt en dat fansels ek de normale foarm wêze soe, omdat er ôfhinget fan it modale helptiidwurd *wolle*. Parasitêre mulwurden komme ek yn it Skandinavysk foar. De skriuwster, dy't ferbûn is oan ‘e University of Connecticut, suggerearret dat soks mei ôfhinget fan it feit dat de oanbelangjende talen gjin mulwurdsfoarheaksel *ge-* hawwe. Wurmbrand besprekt ek noch in oar type parasitêr mulwurd, as yn ‘e sin *hy soe it dien ha kinnen*. Hjir wurket de ynfloed de oare kant út en stiet it parasitêre mulwurd *kinnen* rjochts fan it regearjende helptiidwurd *ha*. De skriuwster giet der oars fan út dat de folchoarder fan Fryske tiidwurdkloften, dy't konsekwint haadfinaal is, ta stân komt troch in werskikking op it PF-nivo en dus net yn ‘e eigentlike syntaksis.

(siebren dyk)

[1276][Op it mêd] *Jarich Hoekstra, ‘Another Quantificational Variability Effect: the indefinite pronoun neemen ‘no one’ as a floating quantifier and as a negative adverb in Fering-Öömrang (North Frisian)’*, *Lingua* 134 (2013), 194-209.

Hoekstra hat hjir de Noardfryske pendant fan *nimmen* by de kop, en dan benammen dy yn it Fering-Öömrang. It ûnbeskaat foarnamwurd *neemen* kin dêr foarkomme as saneamd swalkjend telwurd (“floating quantifier”), ferlykje it Westerlauwersk Frysk *beide manlju ha dêr west* mei *de manlju ha dêr beide west*. In foarbyld út it Fering is *jo san neemen welerkimen* ‘se binne nimmen weromkaam’ (= net ien fan harren is weromkaam). *Neemen* is ferplichte ferbûn mei in meartallich subjekt. Dit gebrûk fan *neemen* kin oergean nei de betsjutting ‘nea’, al bliuwt der faak wat fan ambiguïteit. In foarbyld is *diar mä hed wi dach wel neemen mä reegent* ‘dêrmei hiene we dochs wol nimmen mei rekkene’, wat oerset wurde kin yn (i) net ien fan ús hie dêr op rekkene, of (ii) dêr hiene we nea op rekkene.

Der besteane yn ‘e literatuer twa analyzen foar swalkjende telwurden. De earste is dat se mei it antesedint eins ien konstituïnt foarmje en dan strânje. De oare beskôget se as bywurdlike bepalings. Allinne al it foarkommen fan de lêzing ‘nea’ stipet de lêste opsje. Dit gebrûk fan *neemen* is oars wakker beheind ta kognitive tiidwurden as “witte”.

(siebren dyk)